

Markus 12, 20 – 28

Gemeente,

Fanewike spruts ik in âldere frou, dy't tige jong har man ferlear troch in slim ûngemak. Se hie in lyts jonkje fan twa en se wie swier fan de twadde. Nei de tragyske dea fan har man hat se allinich de beide jonkjes grutbrocht.

No is se oan de ein fan har libben, in libben fol iensumheid en fertriet.

Ik frege har: As jo aanst jo man wer sjogge, derboppe yn'e himel, wat soene jo dan tsjin him sizze wolle?

Doe sei se: Dat kin net, want derboppe is d'r gjin houlik, der is alles oars. Yn de himel trouwe minsken net. It is krekt as yn de boeken dy't ik lê, dy hawwe altyd in happy end, sei se.

Blykber is dizze frou fertrout mei it bibelgedielte dat ik niis foarlêzen haw. Oer it gesrpek fan Jezus mei de Saduseeën, oer de opstanning.

De skriftgelearden sette Jezus foar in ûnmooglik fraachstik. Oer in frou dy't mei sân broers trout, en gjin bern krijt en dy't yn'e himel komt, en sa freegje se Jezus: Hokker man sil dan yn de himel har man wêze.

En dan seit Jezus: Wannear't minsken út é dea ferrize, trouwe se dochs net en se wurde ek net úttroud, mar se binne as ingels yn'e himel.

Se binne as ingels yn'e himel.

Wat fyn ik dit prachtige wurden fan de Hear. Wat in treast, dat ús dierberen yn 'e himel as ingelen binne, en dat se ús leafde stjoere, en dat se ús alle dagen bysteane. Se binne as ingelen yn'e himel.

Dy frou dy't ik spruts is nea wer troud. Se hat alinne foar de bern soarge. Hat dat in keuze wêst? Ik wit it net. Hoefolle keuze hat in minske yn dit libben?

Der binee safolle mominten yn it libben dat je in paad ynslaan en tinke: Ik soe wol in oar paad gean wolle, mar it kin net. Hoefolle keuze hat in minske.

It hinget der mar sa fan ôf hoe't jo nei de dingen sjogge. It hinget der mar sa fan ôf fanwer jo nei de dingen sjogge.

De Saduceeën tinke dat it libben nei de ferrizenis is soort ferfolg is fan dit libben. Dat minsken elkoar werkenne en troude binnen en bern krije. En dan seit Jezus dat it heielendal oars is yn de ferrizenis.

It hinget der sa fan ôf hoe't wy nei de dingen sjogge.

Stel jo binne yn hiel it libben noch nooit ien kear yn in tsjerke wêst. Dan kinne jo frjemde gedachten hawwe oer wat foar geheimsinnigs der yn de tsjerke plakfynt.

Mar ek it omgekearde: As jo altyd tsjerkelik belutsen wêst binne, dan kin je je mar dreech yntinke dat der minsken binne dy't sizze: Nei de dea is d'r neat, allinich in swart gat.

Foar wa't leauwt is it dreech foar te stellen dat d'r gjin treast wêze soe yn it libben.

It hinget der sa fan ôf hoe't jo nei de dingen sjogge.

Op myn wurk sizze wy wolris: As jo noch nooit yn in ferpleechhûs west binne, dan haw jo der gjin idee fan hoe't it der fanbinnen is. Dan haw jo gjin idee dat der folop libbe wurd, en gûlt, en praat, en iten en slept en bidden en prakkesearre.

En it omgekearde: As jo al mear as tweintich jier yn in ferpleechhûs wenje, dan kinst dy kwalik yntinke hoe't de wrâld derhinne leit.

It hinget der sa fan ôf hoe't jo nei de dingen sjogge.

As wy fanút it libben nei de dea sjogge, dan liket de dea in grut swart gat der't nimmen fan werom komt.

Mar der binne ek minsken dy't in fisioen hawn hawwe yn de ferrizenis, en dy't ús fertelle fan ljocht en leafde oan de oare kant.

Mar stel no dat wy fan;ut de dea nei it libben sjogge, wat sjogge wy dan? Dy frou der't ik it oer hie sei fané wike: Dan sjogge wy ien grut tranendal.....

Dan sjogge wy in brutsen wrâld, der't stride wurd om te oerlibjen.

*in flood fan triemen*

It hinget der sa fan ôf hoe't jo nei de dingen sjogge.

Stel jo foar dat it wier is: Dat ús dierberen yn de himel as ingelen binne. Dan meie wy dochs leauwe dat se by machte binne om ús te

beskermjen? Dan meie wy dochts leuawe dat der út de himel streamen fan leafde nei ús takomme. As wy der foar iepen steane.

Hoe sjogge wy nei dizze dingen.

“Hy is gjin God fan deaden, mar fan libbenen” seit Jezus.

God hat eatwat mei de libbenen. Sa sjocht God blybet nei de Skepping. Syn soarch en oandacht en leafde geane út net nei de deaden mar nei de libbenen. De deaden hawwe dy soarch net mear needich, sy meie himelje, en ingel wêze.

Lit de deaden de deaden te hōf bringe, seit Jezus en dat leit yn dyselde tinkwize: De deaden hawwe gjin soarch mear needich.

Ne, as God nei syn Skepping sjocht dan hiet syn leafde út nie it LIBBEN. Hy is de God fan it libben.

God fan Abram, Isaa”k en Jakob. Net God fan tonger of bliksem, net God fan de Hades, mar God fan it Libben.

En yn de bibel wurd gau dúdlik dat God de minske foar deselde keuze stelt: It libben of de dea, segen of flok, kies dan it libben, seit de Hear!

By dy bibelwurden besef ik tige goed hoe hurd dizze wurden oankomme by minsken dy’t immen ferlern hawwe troch selsmoard. Wy prate der net folle oer, mar it bart yn Frysk;ân faak en ek yn Stiens witte wy derfan. Lang hat de tsjerke minsken feroardielt dy’t harsels tekoart diene. Mei ferwizing nei bibelteksten.

Ik bin bliid dat wy hjoed de dei minder oardielje. Want wa binne wy om te oardieljen oer de libbenskeuze fan in oar? En hoefolle keuze hat in minske? EN wa sil it sizze, miskien is de keuze foar de dea foar sommigen wol de bêste keuze foar it libben?

En wat te tinken fan de âlde minsken, dy’t syk binne en wurch en dy’t sa faak tsjin mei sizze: Dûmny, ik wol hjir wol wei, it is wol genôch sa, en dy’t dan mar fierder moatte, en dy’t miskien al bern nei it hōf bringe moasten en dy’t sels einliks net mear libje wole.

Hoefolle keuze hawwe wy leave minsken?

Ik seach in nije DVD oer it libben fan de dirigent Hans Vonk dy't te jong stoarn is oan in spiersykte> En deryn dirigeert hy in stik fan in Dútse komponist. En der waard by sein dat de komponist it stik skriuwn hie flak foar syn "Freitot" .

En doe tocht ik: Wat in mooi wurd foar selsmoard: Freitot. Der sit wat yn fan: In stap nei de freiheit.

En dan siz ik der by: It hinget der mar sa fan ôf hoe't jo nei de dingen sjogge.

Jezus leart ús hjoed hoe't God sjocht nie dizze wrâld.

Syn leafde en soarch giet dei en nacht út nei de libbenen. God ynverstaeret yn it libben. En misskien giet Gods leafde wol út nei de libbenen omdat just de libbenen sa'n ferlet hawwe fan Syn leafde. Want binne wy minsken net de meast kwetsbere fan alle skepselen? En hawwe wy net ferlet fan Gods leafde, foaral omt wy sa graach oan Him ferbij libje wolle.

Oer de deaden fertelle wy goeds. En salang wy yn it libben binne grypt God ús by de skouders en makket ús ta instrument fan syn keninkryk.

De measte treast fyn ik hjoed yn dat sintsjje fan Jezus, der 't Hy oer de deaden seit: Se binne as ingelen yn'e himel.

Hieltiid mear doar ik dat te leauwen.

Dat der goed op ús past wurd.

Hieltiid mear doar ik te leauwen dat wy út'e himel wy ûntgange meie: Leafde en krêft en ljocht.

Ik hoopje dat jim dit ek leauwe wolle en treaste wurde, want se binne as ingelen yn de himel.

Dit is it wurd fan de Hear en syn wurd bringt Libben.

AMEN